

**Yn 'e maitiid fan 2014
Spilet Spilersnocht foar jo:**

'Wat in Theater'



Liturgy

Dizze machtige produksje sil op lokaasje spile wurde.

Hald ûse website in 'e gaten.

www.spilersnocht.nl

De Dyk

Gong men eartiids troch
 Troch de feart mei trekskút en de pream
 Lâns sânpaad en de klinkerdyk
 Der lei doe ek al it Ontwyk
 In bosk foar earm en ryk

Doe kaam de asfaltwei
 Letter noch in stopljocht der wer by
 Dat wie eltsenien nei de sin
 It doarp wie it wier net te min
 Wier net te min, de N381

De dyk, de dyk, de dyk , de N381, de dyk, de dyk
 Ja, ik folchje him, folchje him wer as er hinne rint
 Nei Drachten as nei Easterwâld
 Ik ried mei in gong wer't ik fan hâld
 Al is 't mar hûnderd

Ja, ik folchje him , folchje him
 Wer as der hinne rint

Gjin mar of gjin feart is sa djip, gjin berch sa heech dy't my fourt,
 Fuorthâld fan dy
 De N381

De dyk	(Hy giet dwars troch de natoer)
Ja, ik folchje him	(Dat is wol in bytsje soer)
De dyk	(Inkel minsken tinke der net sa oer)
Ja, ik folchje him	(It ynteresearret se gjin moer)

De dyk, de dyk, de dyk
 De N 381, de dyk de dyk
 De dyk, de dyk, de dyk,
 De N381 de dyk, dyk

Gjin mar of gjin feart is sa djip,
 gjin berch sa heech dy't my fuort, fuorthâld fan dy
 De N381

Ús Doarp

Wat in oar ek seit, net ien hâld mij hijr wei
 't is myn doarp, myn doarp

Dokter boerefeint, it libbet hijr beheind
 yn myn doarp, myn doarp

Der is genoch op dizze wrâld
 mar ik hâld fan it frieske wâld
 gjin flatgebouw, gjin sporthal hijr
 yn myn doarp

'tis hijr soms te gek, mei roddel, achterklep
 yn myn doarp, myn doarp

We tinke om in oar, dus is it foar elkoar
 in myn doarp myn doarp

De alderein hat wier gjin hûs
 dus geane se nei in oar tehûs
 yn Easterwâld, yn Haulerwyk
 net yn ús doarp

De jeugd dy lûkt hijrwei, wat krije we d'r by ?
 yn ús doarp ús doarp

Gemeente doch ris wat, oars giet ús doarp kapot
 ja ús doarp, ús doarp

Moarn is de tinte hijr wer wei
 it feest is dan alwer foarby
 Wy wachtsje wer 5 jier, mei wille en vertier
 yn ús doarp

